



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. KRYSTNACHTTSJINST Saterdei 24 desimber 2008

Thema:

De ûndogenske ezel

De dagen foar de Kryst waard der timmere op it plein foar de tsjerke. In kryststâl waard bouwde.

Skiep en ezels kamen der yn. De stjer skynde boppe de stâl.

In protte minsken kamen der lâns, bleaunen efkes stean, aaiden de ezels, praten mei elkoar... it is hast safier.....



Krystjûn...

It is tsjin njoggen oere jûns. Minsken rinne nei tsjerke....

Je hearre de muzyk.

Minsken fan de brassband steane njonken de kryststâl te blazen. Dêr bliuwe

minsken efkes foar stean om dan nei de tsjerke te gean.

It rekket fol yn de tsjerke mar elk kriget plak.



It begjin

De âlderling fan tsjinst fertelt dat der útsjoen is nei dizze jûn. Hy hjit eltsenien fan herte wolkom.

Wy sjonge it lied: *"Wat al eeuwen is verteld."*

De foargonger iepent.

Dit is de langste nacht. De nacht mei de jierlikse winterwacht sûnt ieuwen. In tsjustere nacht mar it tsjuster hat net wûn!!

Dit is in nij begjin oeral op é wrâld. Oeral komme minsken by elkoar op dizze jûn. By de parochys yn Wytgaard, Wergea, de tsjerken yn Fryslân, Rotterdam, Londen, Berlyn mar ek yn Irak, Afhanistan, de Congo en sa ek yn Israëel en Palestina... Mei elkoar oer hiel de wrâld.

De reade tried sil dizze jûn wêze de earen fan de ûndogenske ezel. Harkje dus mei sân pear earen, ik sil jimme de earen fan de kop prate, en lit jimme net in ear oan naaie....

Wy sjonge: *"Komt allen te zamen"*.


Gebed

Ûnder it gebed sjongt it kwartet:

*Kom by ús, o hill'ge Geast
stek yn ús oan it ljocht fan jo leafde.
Kom by ús, o hill'ge Geast,
kom by ús, o hill'ge Geast.*

DE FERHALEN

Eline Koornstra lêst ús it ferhaal foar út Lukas 2: 1-20. Oer Maria dy't mei Josef nei Bethlehem gie, Jezus dy't berne is en fan de hoeders dy ingels op besite krigen en nei de stâl ta gongen.....



As antwurd songen wy: "Nu zijt wellekome Jesu, lieve Heer"..

Krystferhaal

De ûndogenske ezel...

De doar gie iepen. Der is leven, roppen: "Kom op!! Rin troch!! Hjir moatte we wêze!!". De ferteller hat in ein tou beet. Hy lûkt swier want de ezel wol net rjocht meirinne. Mar dochs



komme sy midden yn de tsjerke. Dêr is boer Tjitte dy de ezel ûnder syn

hoede nimt.



De ferteller fertelt fan in ezel die ferkocht waard, in min libben hie en der mar fan troch gong. Hy gong stikem mei in karafaan mei.. Hy kaam yn in stal telâne. Neat

bysûnders.. De ezel skept wat op om belangryk te lykjen. Sa wie in oer- oer- oerbeppe fan him de ezel west dy't tsjin Bileam praat hie.

Der komme sels in man en in frou yn de stal.

De frou is swier en kriget dy nacht in bern.

Hoeders komme sjen. Wize mannen (VIP's !!)komme sjen en nimme djoere dingen mei.

Mar de ezel fynt it neat bysûnders...

En dy djoere spullen... dat giele is hurd en je kin der net iens yn bite, dat oare guod stjonkt en it tredde guod smakket nei neat.... Wat ha je dêr no oan.

Oant de ezel by de trôge stiet wêr de poppe yn leit. Hy wurdt troch de poppe by it ear pakt. It bern lit net wer los, hy hâld beet!! En de ezel fielt wat. Hy fielt dat hy goed wêze wol, helpe wol, wat dwaan wol foar oaren. Hy wol wat oan it bern jaan.

Noch efkes letter moatte de man, frou en it bern hastich fuort. Der komme soldaten oan. De frou sil op de ezel. As sy op in paad binne wol de ezel fan it paad ôf de berch op. Hy is koppich... As sy krekt út it sicht binne komme de soldaten lâns. Soldaten die traint binne om te deadzjen.

Dan sjocht de ezel in byld. In folwoeksen man rydt as in foarst op in ezel de stêd yn. Mar hy sjocht ek de kroan fan toarnen op syn holle en in spûns mei focht dat nearne nei smakket.

Dan begjint de ezel yn de tsjerke te baken!!

De ferteller fertelt dat de ezel huveret by it byld dat hy krige....

Hy wol net nei de takomst sjen. Hy wol no soargje dat dit bern feilich reizget!!

De ferteller giet wer fuort, mei de ezel... de nacht yn....

Nei dit ferhaal is der prachtige muzyk troch Elske en Klaas.



Wy sjonge:

"Stille nacht, hillige nacht".

Meditatie

It wurdt stil yn de tsjerke. De foargonger freget om mei sân pear earen te harkjen....

Hy hat 2 fragen:

1e. Wat hawwe jimme meinommen om te jaan?

Hawwe jimme geskinken mei nommen? De wizen namen geskinken mei. Geskinken dy ferwieze nei de takomst:

Goud stiet foar keninklike glorie.

Wjireek stiet foar it offer dat brocht wurdt.

Mirre stiet foar it lijen dat komt.

Bringte wy wat of komme wy hjir om te heljen. Sa as de ezel dy't de geskinken neat fûn omdat it hurd wie, stonk en bitter smakke....

Wurde wy ek by it ear pakt?

2e. Bist do de ezel?

Dat is net beskuldigjend bedoeld.

Mar moatte wy ek net by it ear pakt wurde

(fansels net by de noas) sa't diy poppe/Jezus dat kin?

Dat die hy om dy ezel syn wearde wer te jaan.

Wy binne ek moaie ezels. Do meist dysels wêze.

Net om je hinne skoppe en synysk wêze.. Binne wy ek net wat ezels fan God?

Miskien moatte wy gewoan ezel wêze en ús by it ear nimme litte. Kinne wy it berntsje yn feilichheid bringe... Wy kinne dat as wy ús mar troch Jezus by it ear nimme litte. It kin gjin kwea!!

Wy sjonge: "Hoor, de eng'len zingen de eer".

HET DELEN

De kollekte hat in bysûndere bestimming. Paulien Meijers giet op 5 january nei Gangama yn Oeganda. Dêr giet sy helpen yn in weeshûs. Sy fertelt sels oer dit hûs foar bern fan 0-6 jier. De susters soargje foar de bern mar der is oan fan alles gebrek. En tiid is der hast net foar de bern. Derom giet Paulien nei dat weeshûs. Om leafde te jaan. Tiid mei de bern troch te bringen. No nei har stúdzje earst har gefoel folgje om wat ekstras te betsjutten foar dizze bern. In sinnestriel te wêzen en merke te litten dat sy net ferjitten binne. It weeshûs hat ferlet fan in protte dingen. Dat fine je op www.kibahome.com Wat sy ek graach hawwe wolle is in oerdekt boartersplak foar de bern. Dat sy út de sinne boartsje kinne.... Dêrfoar is de 1e kollekte. Der wurd € 519,62 by elkoar brocht.

De gebeden yn de Krystnacht

It kwartet sjongt:

*Gods grutte útfarming, Kristus beskerming.
Geast fan é himel, op dy betocht;
mei Gods erbarmjen dy hielje en omearmje
liede troch tsjusternis nei it ljocht.*

De foargonger bidt en stekt trije ljochtsjes oan. Dernei komme minsken nei foaren en stekke ek ljochtsjes oan en fertelle / bidde werfoar dat ljochtsje is.....



Wy bidde om
ljocht dat
waarmte
jouwt.



UITGEZONDEN



Wy sjonge it Eare zij God.

Dernei krije wy de seine:

*Nim it ljocht mei, de nacht yn.
wês in ljocht ûnder de minsken,
want sa is Kristus by ús.*



En elts
krige in
Krystgroet
mei fan de
tsjerke om
thús yn de
beam te
hingjen.
Oan dy
groet siet in ezelsear.... om je noch ris beet
pakke te kinnen....



KRYSTNACHT

En bûten wie it kâld en donker... mar dochs....



plein fol minsken die
elkoar wat te
fertellen hiene.....

de stâl stie der mei de
skiep, de ezels en Maria,
Jozef en in lytse
Jezus.....Dêr wie kofje,
poeiermolke, waarme
wyn en in fjoer om
waarm bei te wurden....
En yn it skimer stie it



Meiwurkers

Foargonger: Ds.Hinne Wagenaar
Koster: Jannie Smids
Âlderling van tsjinst: Anne de Haan
Hillige famylje: Gystbert, Mathilda en Erik
Wassenaar.
Muzyk: Jeugdkorps Brassband
Kwartet: Teake Posthuma, Linda
Jongbloed, Geartsje v.d. Meer en
Sake Mink.
Lêzing: Eline Koornstra
Krystferhaal: Haije de Boer
Krystnachtkommisje: Anne de Haan, Iepie
Lindeboom, Jannie Lindeman,
Tjitte Talsma, Janny Veenstra en
ds. Hinne Wagenaar.
Publisiteit: Corry Brouwer en Sieta
Broersma
Liturgyboekje: Wim en Joke Epema.
Oargel: Jan Luth.



En al die minsken die net neamd
binne....